

yn ferwurd

Jacobus Quiryn Smink: 'AS IN TIIDDREAMER'

Marita de Jong

De nijste poëzybondel fan dichter/oersetter Jacobus Quiryn Smink (1954) hjit *Sondelfal* en is útjûn troch de Friese Pers Boekerij. Smink is berne en opgroeid yn Sondel. Sûnt 1980 wennet en wurket hy yn Eindhoven. It hat lang duorre foardat syn foarige bondel *Minskegedichten* in opfolger krige. Dat hie te krijen mei in kompleks oan faktoren. No is de nije bondel der dan dochs en Smink is der wiis mei.

'Jawis, moai dat it boekje der no is, mar soms ha ik sels de measte krityk, achternei kin ik alle lytse dinkjes sa oanwize. Der stiet op syn minst ien kear tefolle ik yn... Op 21 desimber 2009 ha ik it earste eksimplaar fan *Sondelfal* oanbean oan ús mem Romkje (1926). It wie oan 'e ein fan it krystmiel yn de seal fan Talma Hiem yn Balk. Der wienen wol in pear hûndert minsken. Der binne sels in pear foto's fan makke. De tiid dy't ik krigen hie, wie krekt lang genôch om de tekst fan mem har resept fan potstro foar te lêzen.'

'In part fan de gedichten grypt werom op it libben op 'e buorkerij, dat ik as lytse

jonge meimakke ha. Ik ha besocht fan it no út wei in ferbining te meitsjen nei wat ik eartiids oan yndrukken opdien ha. Miskien wol troch de tiid te ferdreamen. Sa springt it yn de gedichten soms wat apart fan de doetiid nei de notiid en oarsom. Dreamelân leit by pake en beppe, sei myn jongste dochter ris, en ek dêr ûntstiene fersen troch. Myn ferhâlding mei it boerelibben is wat ûngelyk, eins net altyd like fleurich. As jonkje mei astma wenne ik fan de hjerst oant de maitiid thús op in ferkeard plak. Faak gie ik dan útfanhûs, omdat ik te benaud wie op 'e pleats. Dat is foar in bern lestich; bist ommers in útsûndering yn de ploech. Ik bleau winters faak yn

'e hûs en dan siet ik mei in boekje yn in hoekje. Dochts op oare tiden moast ik fansels ek meihelpe, mar ik waard yn it hea gau benaud. Meastentiids lei ik my dêr wol by del, mar it makke my ek wolris koart foar de kop. Net geskikt foar hynders en kij, wylst myn broers en susters dêr gjin muoite mei hiene. Simmers wie alles maklik. De kij, de kealtsjes en de hynders komme wol yn 'e gedichten foar en spesjaal hynst Ygram 240. Dy hynstehâlderij op it Aldemardumer Klif hat foar heit-en-dy aardich wat tiidkoarting jûn en fansels kaam sa ek hiel wat folk oer de flier. Nei it skouwen fan in merje hie mem de kofje steefest brún.'



MASINE MEI HEGE EN LEGE PANNE

Neioarlochse neisimmers yn 'e panne fan 'e masine
Lytse jonge grutte hynders mêne en heit ôfkeare
Mei de twatiner yn 'e hege panne boppe it meande
De meskes de raaien fan it nôt sie en strie

Se falle as prikkeskonken mar rûzjend it swee del
En de hynders snuve de goudgiele kerrels fan weet
De hingjende hjouwerklokjes en rôgeripe ieren
It rynske fan 'e bou tusken de ruïnes fan de nazy

By de hynstebillen lâns kuereagje de jageline stiif
Yn 'e knústen en de fingerbalke siselje
Litte oant en mei de lêste prikke pas op gjin
Strook te nei gean en ek gjin strook te fier

Mar gedachten dwale út 'e lege panne wei nei
Wat en foeteret heit de hynders ferstaple har aanst

'Doe't ik begûn te dichtsjen ha ik der, nei wat genifel yn it Ingelsk en Nederlânsk, bewust foar keazen om dat yn it Frysk te dwaan. Ik wie der benijd nei oft ik my dêr oarspronklik en tagelyk universeel yn útdrukke koe. Der wiene hjir yn Brabân, mar ek yn Fryslân, wol minsken dy't fregen, wat moastst mei dat Frysk? As it goed is, fynt it fierder syn paad wol, sei ik faker, tink, as dat ik it tocht. As der ris in gedicht yn in blomlêzing stiet, fyn ik dat aardich. It is just moai dat de gedichten fersille reitsje oer de wrâld, al is dy noch sa lyts; sa stiene der ris in pear rigels út in gedicht fan my op in jiskewein. Op twa oeren riden fan Gaasterlân, sa bin ik ferbûn mei Fryslân. Myn famylje is hast te grut foar in foto. Ek is de redaksje fan *Hjir*, no dan www.ensafh.nl, in ferbân mei in bysûndere ploech minsken, eins freonen. Dat sadwaande rôlje ik wol gauris Fryslân yn.'

'Tk ha de beweging of polityk net sasear mei opsetsin socht, mar de polityk siket my faak wol op. Sa stie myn hier wer even rjochtoerein doe't ik fan twa bekende Fryske skriuwers oarstalige artikels oantrof yn de Moanne. Dêr binne dochs

genôch oare media foar! Doe't ik jierren lyn in abonnemint op *Trotwaer* naam, ha ik dat dien omdat it in Frysk (literêr) tydskrift wie. It binne djoer befochten siden, hoe kin dy redaksje dêr samar oerhinne stappe? It is faaks in bytsje grinsferlizzend pleagjen fan de beide skriuwers, in practical joke, dat begryp ik wol. As redakteur fan Frysk Literêr Tydskrift *ensafh* gean ik der yn sa'n gefal finaal foar lizzen. Net dat ik hokker taal wêr dan ek mar ferbiede wol. Ik brûk allegear talen trochinoar; ik jou les yn taalbehearsking oan in miks fan ferskate memmetaligen en de iene taal is net mear as minder as de oare. Alle memmetalen binne ommers moai.'

'Myn literêre teksten ûntsteane meastal yn myn soarte fan Frysk. In kritikus hat ris skreaun: "Dit Frysk is by de wylde spinnen om 't ôf." It is in miks fan sa't wy thús praten en boeketaal, tink ik. Dat is dan it Frysk dêr't ik yn skriuw of wat ik my dêrfan yn it sin bringe kin. De kritisy ha ek wolris aaklike dingen oer myn gedichten sein, bygelyks oer *Lingerich tekstyl & swarte side* (1994): ik soe wat ik opboude oan erotyk like hurd wer ôfbrekke. Sa stiest der dan moai op yn

Wikipedia; oant yn lingte fan dagen te pronk mei harren oardiel.'

'De bondel *Minskegedichten*, dy't mei folle moanne op 15 april 1995 útkaam, wie der ien mei in soarte fan engaazjemint, skreaun yn gewoane praattaal. Dat hie te krijen mei myn broer Hindrik, dy't ein 1995 ferstoarn is. Ik ha yn dy fersen fan de berte oant en mei de dea by de kop. Ik woe it leau 'k net oars. Doe skreau ien yn 'e krante: "it binne platitudes" en fierder hat gjinien der mear wat oer skreaun. Fansels, eltsenien mei sjitte op dyn kreative wurk. Litst as dichter dyn kwetsberheid sjen, dat witst fan tefoaren, mar it hat my al in bytsje ôfremme. Miskien net ferkeard, ik wit it net. Yn dat *ljochtmoanneboekje* hie ik fansels al myn leafdeslietsjes sammelje moatten, mar ja, de emoasjes ha de kaarten lein. Hindrik hie fansels ek mear wille oan al dy famkes yn myn gedichten hân, dêr bin ik wol wis fan.'

'Dochs wiene der ek oare faktoaren dy't deryn meispielen dat it sa lang duorre hat foar't der wer in bondel fan myn hân ferskynd is. Om koart te gean,

FIOELE EN FAMKE

Fytst se dêr mei de fidel
Op 'e rêch oer de mollen
Fan 'e drompeldyk
Nei de muzyk ta

Stekt se dêr mei de fidel
Op 'e rêch oer de rêsten
Fan it krúsferkear
Nei de muzyk ta

Stiet se dêr op de bune
Op 'e hân fan it striken
Giet dat fidelfamke
Mei de muzyk mei

Fidel dy do dy faam
Fidel dy do dy frou



der wienen hichten en lichten yn myn libben. Ik liet myn burd stean doe't de USA Irak derûnder wâden. Ik waard poerlik op 'e wrâld, om te begjinnen by Nederlân. Ik rekke op 'e sweef en ek in skoft út it wurk wei. Skriuwe út dy ûnbalâns wei, dat smiet yn myn gefal net daliks in needsaaklike bydrage oan de literatuer op. It soe yn 2007 al heve mei *Sondelfal*, mar ik kaam gewoan net achter de gerdinen wei. Alles wie neat en neat wie alles. En doe wie der ynienen ek gjin Koperative Utjouwerij mear. Alles bleau yn de koker sitten, ek de oersetting fan *Mijn kleine oorlog* fan Louis Paul Boon. Fertaalwurk hâldt my oars aardich goed yn in ritme. Troch dat oersetten krigest geandewei troch watst dêrnjonken sels dwaan kinst. Ek hoe skatplichtich oftst bist. No ja, yn 2008 toande de direksje fan De Friese Pers ynteresse yn myn poëzy en no mei elkenien der fan sizze wat er wol.'

'De skriuwer Patrick Süskind, dêr ha ik earder ek al wat wurk fan oerset. In lytse útjouwerij út Ljouwert wol no syn essee *Oer leafde en dea*, dat ik yn 2008 oerset ha, útbringe en der in moaie edysje fan meitsje yn *De Lytse Rige*. Dat is wer sa'n moai ding

en net mei opsetsin. As der in publikaasje fan komt, is dat oars wol moai meinaam. Ek as in tekst of in part dêrfan brûkt wurdt foar in song of in foardracht jout my dat wille. Ik hoopje dat it manuskript fan *Myn lytse oarloch* sa ek nochris ta in útjefte komt.'

'Ik kom út in Nederlânsk Herfoarme fermidden; wy mochten dus wol nei see ta op snein en Israel koe fansels gjin kwea dwaan. Troch Jacobus Revius syn fers "Het zijn de Jooden niet, Heer Jesu, die u kruisten..." dat wy learden op De School met den Bijbel waarden we jong al opseale mei in frjemd skuldgefoel. Us mem hat foar ús allegear ris beammen yn Israel kocht. In moaie geste, mar miskien moat ik dy beam fan my mar ris weijaan oan in sympatike Palestijn. Sa geweldich dogge de machthawwers it yn it Midden-Easten no ek wer net.'

'It leauwen spilet allinne in rol yn myn libben mits it leafde betsjut. Leafde set it wol aardich yn 'e kant tsjin eangst en soargen: *Werpt al uw bekommernis op Hem, Hij zorgt voor u*, sa seit Petrus earne. Ast ris "troch de handelskudden hinne

slein" bist, begrypst better dat minsken treast fine yn it leauwen. Doe't ik noch yn Sondel wenne, ha ik in skoftke meiwurke oan de sneinsskoalle. Ik fertelde oer de berte fan Jezus út it perspektyf wei fan in moskje, dat op de dakrâne siet en oant yn de lytste dinkjes ta ferslach die. De bern hongen oan myn lippen. Doe tocht ik, as it sa maklik giet, kin ik se alles wol wiismeitsje. Dat wie dus net foar my weilein. Dochs bliuwe de ferhalen prachtich as myten, dêr'tst in soad wiisheid yn fine kinst. Hoewol't ik net mear letterlik leau, kosmology is wol sa nijsgjirrich, begryp ik goed dat minsken ferlet ha fan religy en spiritualiteit. It is spitich dat tsjintwurdich de measte godshuzen ticht binne. It soe wol sa sosjaal wêze om de doarren alle dagen wiid iepen te setten.' ■

Sjoch ek op: www.jimladream.com